

FD-217/2003

Kontroversjeel en ferhelderjend

De essaybondel *De lêzer is in duvel* fan skriuwer, dichter en oersetter Jabik Veenbaas wie by útjefte al kontroversjeel, sa die bliken.

GERBRICH VAN DER MEER

Dat is foar in part te tankjen oan it Frysk Literêr Wurkferbân fan de Fryske Akademy en útjouwerij Bornmeer. Dy hiene by it útkommen fan de bondel trije minsken, wêrûnder Trinus Riemersma, útnoëge om te reagearjen op in oantal stellings út de bondel.

De earste stelling joech de measte opskuor. En dat hoecht jin net te fernuverjen, want dy stelling liicht der net om. Veenbaas skriuwt yn syn bondel dat de Q-groep gâns yn-floed hawwe soe binnen de Frysk-literêre wrâld en oan selsoer-skatting lijt. Har literêre opfettingen soene de iennichste goede wêze.

Foar de dúdlikens, mei de Q-

groep doelt Veenbaas op de groep skriuwers dy't harren wurk fia de útjouwerij Quatrebras útbringe lykas Trinus Riemersma, Josse de Haan en Steven de Jong. Utjouwerij Bornmeer hie it goed besjoen, reaksje koe net útbliuwe. Op de thússide fan it ynternetiidskrift FARSK (www.farsk.nl/krityk) binne noch hieltyd de trije reaksjes te finen dy't by de presintaasje útsprutsen binne en noch fan in tal oaren.

Wat der ek wier is fan Veenbaas syn ideeën oangeande de Q-groep, it moaie fan dy spjeldepreip is dat alles wer efkes goed wekker skodde is. Troch sels posysje yn te nimmen, hat Veenbaas mannich skriuwer/dichter útdage om ek (op 'e nij) posysje te bepalen yn it Frysk literêre wrâldsje. En dat kin hiel heilsum wêze.

Dochs is de essaybondel *De lêzer is in duvel* yn earste ynstânsje net in bondel om te stikeljen, it binne de essays dy't it swiertepunt fan de bondel foarmje. Yn syn earste trije essays jout Veenbaas syn teoretysk ramt foar de fierdere skôgings. Hy tinkt nei oer it plak fan

de keunst yn ús kultuer, hy giet yn op de ferhâlding tusken kultuer en literatuer en besiket brûkbere literêre kritearia te finen om in wurk mei te hifkjen.

Wat bysûnder oan benammen it earste essay is, is dat Veenbaas by syn posysje ynnimmen hiel soarchfâldich rekken hâldt mei de lêzer en him of har stapke foar stapke ynliedt yn de wrâld fan de literêre-ismen lykas it (post)modernisme, it realisme en naturalisme. En ek al soene jo it úteinlik net iens wêze mei syn stelling oangeande it postmodernisme, sa'n ynlieding is op himsels al in winstpunt foar it boek.

It kritearium autintisiteit hat foar Veenbaas de takomst by it hifkjen fan literêr wurk. Sels seit er op side 9: „Ik bin ôfjage op de yndividuele kearn fan it wurk, lykas de duvel op 'e siele.” Dat kritearium foarmet foar Veenbaas it útgongspunt foar de rest fan de bondel.

Autintike

Yn syn ferhelderjende skôgingen, dy't foar in part al earder publisearre binne, giet Veenbaas op 'e siik nei it persoanlike yn it wurk

fan de prozaïsten Trinus Riemersma en Durk van der Ploeg en fan de dichters Tsjebbe Hettinga, Obe Postma, Trinus Riemersma en Douwe Tamminga. Soarchfâldich besiket er it autintike fan de keunstners nei foaren teheljen troch betider en letter wurk mei elkoar te fergelykjen, wurk fan oareprozaïsten of dichters der yn te beheljen en linen te lûken.

Ien stik falt bûten dat ramt: de skôging dêr't it boek *Piksjitten op Sny* fan Josse de Haan yn besputsen wurdt. Yn de Frysk literêre wrâld sil noch wol in skoft neipraat wurde oer Veenbaas syn earste prikeljende stelling. Foar de trouwe lêzers fan Frysk literêr wurk kin de bondel lykwols ek hiel weardefol wêze troch Veenbaas syn yngeand omtinken foar in seistal Fryske literatoren. Dat dêr gjin froulike literator by oan te pas kommen is, is in misser. Lokkich hat Veenbaas al oanjûn dat er dat yn in folgjend projekt goed meitsje sil.

De lêzer is in duvel, essays, Jabik Veenbaas, útjouwerij Bornmeer, Ljouwert, 159 siden, 18,90 euro